

# Op 'e Skille

Ferskynt hûs oan hûs yn 'e Greidhoeke

As it him net oan 'e  
fioele leit, dan leit it him  
oan de strykstok



## Musical

Eastereinders binne al drok oan it repetearjen foar Kening op sokken

Pagina 3>



## Karnaval

In keppel kij út Easterein set yn it 'Lampegat' de boel flink op stelten

Pagina 5>



## Gerlacus Buma

Soan fan grietman út Baarderadiel focht mei yn it leger fan Napoleon

Pagina 7>

## Maitidswaar yn febrewaris



In pear dagen maitidswaar yn febrewaris. De winterjas koe út. Foar Jan Bakker út Wommels wie it reden om der mei syn roeiboatsje der op út te gaan. Bewenners fan Nij Dekama út Weidum fûnen in plakje yn de ljite, en de bern fan de basisskoalle de Gielguorde yn Mantgum boarten omraak op it skoalplein. Yn Boazum makke Bouwe Jan Bouma in 'kykje' fan de bloeiende snieklokjes en krokussen. De ôfrûne winter wie tige sacht. Waarman Riens Smit út Wommels berekkene in gemiddelde temperatuer fan 4,2 graden. De waarmste winter wie dy fan 2007, doe't de gemiddelde temperatuer útkaam op 6,4 graden.

## Gemeente Súdwest: 'Wij hopen eruit te komen met Patyna'

**Wommels** – De gemeente Súdwest-Fryslân gaat er nog steeds vanuit dat de verkoop van het voormalige gemeentehuis aan de Keatsebaen in Wommels aan de zorginstelling Patyna doorgaat. Uitstel van de verkoop hoeft niet te leiden tot afstel. „Wij zijn in onderhandeling en hopen eruit te komen met Patyna. Het moet juridisch wel kloppen. Er komen alleen wat minder appartementen dan aanvankelijk de bedoeling was”, aldus een ambtenaar.

In de voorlopige koopovereenkomst, die in december is ondertekend door Patyna en de toenmalige gemeente Littenseradiel werd uitgegaan van 21 appartementen. Een belangrijk onderdeel van het plan is de realisatie van de Dorpskamer, waarvoor het project 'Alles aan de hang' in het leven is geroepen. Doel van de Dorpskamer is het opzetten van een welzijnsprogramma, dat bijdraagt aan het welzijn van de cliënten van Patyna en de bewoners van Wommels en omliggende dorpen.

Dat de concept overeenkomst door Súdwest-Fryslân niet is omgezet in een definitieve koopovereenkomst heeft te maken met de vraagprijs. Die is zodanig, dat er sprake zou kunnen zijn van staatssteun. Door het verhogen van de vraagprijs ontstaat er voor Patyna een andere situatie. De zorginstelling gaat uit van een aanvaardbare huurprijs, die past bij de grootte van het appartement en de omgeving.

## Freule fersmyt idee fan meardere partoeren út ien doarp

**Wommels** – De keatsferieningen VvV Menaem út Menaam en Sjirk de Wal út Dronryp wolle dat der meardere partoeren út ien doarp of stêd meidwaan kinne oan de Freulepartij yn Wommels. De twa ôfdielings hawwe dit foarlein oan it keatsbûn KNKB. It keatsbûn wol der no net oan meiwurkje, mar jout wol oan dat it yn de toekomst besprekber is. It bestjoer fan de Stichting Freulepartij Wommels fersmyt it idee en hat dat yn in brief oan de KNKB witte litten.

Troch Hinne Bokma

It foarstel fan VvV Menaem en Sjirk de Wal komt op 13 maart op de ledenfergadering fan de Keatsferiening Wommels oan 'e oarder. In dei letter stiet it op de agenda fan de Algemiene Fergadering fan de KNKB.

VvV Menaam en Sjirk de Wal wolle dat net allinne op de Freule, mar ek op de Ald-Meiers Partij yn Hitsum en de Nederlânske kampioenskippen fan de jeugd meardere partoeren fan ien ôfdieling yn aksje komme. De twa klubs stelle dat jeugdkeatsers, dy't wykliks wol meidwaan meie

oan de ôfdielingswedstriden, no net oan de belangrykste keatspartijen meidwaan kinne, omdat der mar ien partoer talitten wurdt. Dy keatsers wurde sa de moaiste wedstriden fan it jier ûntnommen. „Kaatsers van verenigingen die veel jeugdleden hebben worden 'gestraft' voor de actieve aanpak van het jeugdkaatsen bij deze verenigingen”, sa stiet yn it foarstel oan de KNKB.

### Sympatyk

It KNKB-haadbestjoer stiet sympatyk tsjinoer it foarstel en wol it plan trochfiere op de NK's, mar

(noch?) net op de Freule en de Ald-Meiers. Nei twa jier is der in evaluaasje en dan wurdt besjoen oft it it idee ek útfierber is op de Freulepartij en de Ald-Meiers Partij. „Het bestuur stelt voor om het voorstel aan te nemen met dien verstande dat dit geldt voor de NK's gedurende de komende twee jaar. Hierna volgt een evaluatie en worden de mogelijkheden voor het toepassen (2021) van dit beleid bij de Freule en Ald Meiers onderzocht”, sa stelt it haadbestjoer.

Foarsitter Tjeerd Dijkstra fan de Stichting Freulepartij Wommels

jout oan dat it foarstel om meardere partoeren fan ien feriening op de Freule ta te litten ôfbrek dwaan sil oan de sfear en de sjarne fan dizze bysûndere keatspartij. It bysûndere fan de Freule is dat doarpen en stêden tsjin inoar keatse.

„Ik moat der net oan tinke as bygelyks it earste en it twadde partoer fan ien feriening yn de finale tsjinoer inoar stean”, seit Dijkstra. Boppedat is it foarstel net earlik tsjinoer de doarpen, dy't al muoite hawwe om ien partoer te foarmjen.

Tel: 0515 - 413372

**ALLICHT**

• Verlichting • Lichtadvies  
• Onderdelen • Elektronica

www.allichtverlichting.nl  
www.allichtelektro.nl

Oudkerkhof 6 - 8501 EE - Sneek

Schoonheidssalon **Joke**

Praktijk voor  
huidverzorging

**25 jaar** 1994-2019

Lid ANBOS

De Dobbe 3a, 9022 BE Mantgum • Tel. (058) 250 16 18  
info@schoonheidssalon-joke.nl • www.schoonheidssalon-joke.nl

Al 20 jaar uw  
haar onze zorg

**It Kappershûs**

www.kappershuis.nl

Schoon genoeg van  
je hooikoorts?

www.sinneflecht.nl

06 13889717